

MUNLINGE FRAGEN / FRAGENOERKE eks kêst 41 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS/ Deputearre	Douwe Hoogland
Ynlieding	<p>Op moandei 16 jannewaris 2023 waard bekend dat Minister Kuipers fan Folkssûnens in brief stjoerd hat¹ oan de feriening fan akademyske sikehuzen wêryn't hy fêsthâldt oan eardere plannen om de bernehertsjirurgy yn twa sikehuzen yn Nederlân te konsintrearjen. De sikehuzen moatte sels mar útmeitsje hokker twa sikehuzen dat binne. Dêrmei giet hy yn tsjin it advys fan de NZa, dat skriuwt dat sluting fan de besteande ôfdielingen grutte en net-omkearbere konsekwinsjes hat.²</p> <p>In jier lyn hawwe de Fryske Steaten mei grutte mearderheid in moasje³ yntsjinne en oannaam, wêryn't it kolleezje opropen waard <i>'op bestjoerlik nivo, yn oparbeidzjen mei UMCG, de bestjoerlike partners yn Noard-Nederlân en oare belutsenen, rjochting it Regear en 2e en 1e keamer alle war te dwaan foar it behâld fan it sintrum foar bernehertsjirurgy fan it UMCG yn Grins'</i> en <i>'PS op de hichte te hâlden fan de fuortgong'</i></p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Wat hat it kolleezje fan Deputearre Steaten sûnt ferline jier út de wei set om it bernehertsintrum yn Grins te behâlden?2. Wat is der út de oerlizen kaam dy't it kolleezje hân hat mei de kollega-deputearren yn Grins, Drinte en Oerisel en út de petearen mei de partners út de medyske sektor⁴? <p>De minister wol foar 1 april fan de akademyske sikehuzen witte hokker twa sikehuzen oerbliuwe moatte, oars nimt hy sels in beslút. Neffens de minister is der gjin tiid om goed de konsekwinsjes te besjen, sa as de NZa advisearret.</p> <ol style="list-style-type: none">3. Is it kolleezje it mei de FNP iens dat it in ûnmooglike ferdeel en hears-polityk is sadat de minister dêrnei syn eigen beslút trochdrukke kin? Wat fynt it kolleezje fan de oanpak fan de minister?4. Is it kolleezje ree om – yn gearwurking mei de bestjoerlike partners en de medyske sektor – druk út te oefenjen op de minister om it behâld fan de bernehertsjirurgy yn Grins te garandearjen?
Yntsjinner(s)	((fraksje / namme / hantekening) FNP, Sijbe Knol
Datum	25 jannewaris 2023

¹ Ljouwerter Krante, *'Sluiting kinderhartcentrum UMCG in Groningen dreigt. Minister Kuipers houdt vast aan plan om de zorg te concentreren'*, Omrop Fryslân, *'Minister Kuipers bliuwt derby: twa bernehertsintra moatte ticht'*, 16 jannewaris 2023;

² Nederlandse Zorgautoriteit NZa, *'NZa: enkel concentreren van zorg voor patiënten met aangeboren hartafwijking heeft verstrekkende gevolgen'*, 6 desimber 2022;

³ Moasje frjemd Behâld bernehertsjirurgy UMCG Grins, oannaam troch PS op 26 jannewaris 2022:

⁴ Twadde Bestjoersrapportaaize 2022, side 381: moasjes en tasizzingen nûmers 2.857, 2.855, 2.854.